

Sherrif's leafde

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2003

sûnder dy is it westen net mear wyld
sûnder dy hoech'k gjin iten en gjin drinken
as ik myn eagen slút dan sjoch ik noch dyn byld
en ik moat de hiele dei wol oan dy tinke

F Bes F
F G7 C7
F Bes F
Bes F C7 F

do hast sa'n soad al stellen
mar no stelsto ek myn hert
ik woe it dy fertelle
mar de wurden fûn ik net

Bes F
C7 F
Bes F
G7 C7

wêr kin ik dy no fine
hoe kom ik nei dy ta
ik fiel yn my de pine
sa graach wol ik dy ha

Wylde Wylske, hâldsto ek fan my
Wylde Wylske, wolsto mei my trouwe
myn wrâld dy draait allinne mar om dy
siz mar ja, dat sil dy net berouwe

do giest hjir oer de tonge
bist in minnenien sa't skynt
mar 't is in knappe jonge
dy't dy de hannen bynt

o koe ik dy mar fine
ik woe dy nea wer kwyt
ik soe my oan dy bine
foar ivich en altyd

sûnder dy is it westen net mear wyld
sûnder dy hoech'k gjin iten en gjin drinken
as ik myn eagen slút dan sjoch ik noch dyn byld
en ik moat de hiele dei wol oan dy tinke